

Boadskipbriefkes skriuwe en de aginda byhâlde die se altyd al yn it Frysk, mar it hat oant foar in pear jier duorre ear't se yn har memmetaal begûn te publisearjen. Friduwih Riemersma skreau de esseebondel *Kultuerferlies*. En se is de frou efter útjouwerij Grotesk.

Sietse de Vries

Alhoewol't se al jieren yn Amsterdam wenne, hat it Frysk noait lang by har weï west. Oeral yn de stêd komt se Friezen tsjin, soms ûnder de raarste omstannicheden. Sa waard, om mar in foarbyld te neamen, dat help oait ynroppen doe't se op de piatteseal by har yn 'e buert net wisten hoe't se mei lytse Samir oanmoasten. It jonkje fan in Marokkaanske heit en in Fryske mem prate Arabysk en Frysk, mar gijn Nederlânsk. Friduwih brocht útkomst.

En dan wie der dy kear dat se nei it Westerpark tein wie om it skeelerjen. Sûnder netlinken tearde se de hadden op 'e rôch. Dalks wie der in frou dy't har fan de kant tarôp: „Fryslân boppe.“ It wie it begin fan in jierenlange freeskrip.

Friduwih Riemersma is de dochter fan skriuwer Trinus Riemersma. Op har achstie, nei de skieding fan har âlden, ferhuze se nei Alkmaar. Se hat noait wer yn Fryslân wenne. It betsjutte net it ôfskied fan de taal: it Frysk bleau de fiertal by har mem en har styfheit thuis.

Leafit hie se har eigen bern ek yn it Frysk grutbrocht, mar dêr wie har man it net mei iens. Sterker, by ferbea har om Frysk mei de bern te praten. „It fieldie hiel ûnnatuurlik om net 'skatsje' of 'leave' tsjin de bern sizz te kinnen. Sa no en dan Suze Nane Poppe sjonge, mear ha'k de bern net meijaan kinnen. Skande efterof, want it houlik hat noch gjin fijf jier duorre.“

It spyt ek dochter Hannah dat se it Frysk net leard hat. „Een taal extra spreken is mooi meegekommen. Mijn opa schreef Fries, mijn moeder schrijft Fries. Ik kan het wel lezen, maar het gaat heel langzaam. Dat vind ik jammer.“

GEDRACHSPROBLEEMEN

Friduwih Riemersma is fan hûs út byldzjend keunstner. Se folge de Rietveld Academie yn Amsterdam, dêrnel wie se in oantal jieren byldhouwer. Doe't se nei de skieding allinne foar it grutbringien fan twa hemm kaam te stean, hat se eerst pedagogy en letter psychology studiearre. Se waard groepslidster yn in ynstelling foar minsken mei swiere gedrachproblemen. Dat hat se oant 2012 dien. Doe rekke se as gefoich fan besuinigingen har warkwyt.

Opnij wat yn 'e soarch fine foel net ta, dat se bestear werots te kearen nei de keunst. Net as byldhouwer, mar as skriuwer. Ta har ferrassing hiene se dêr by it UWY gijn problemen mei. Wichtich ek wie de stipe fan har mem, dy't har fol entusiasme oanmoedige.

Dat kaam neffens Friduwih mei om't se sels nooit trochaet hie yn

de skriuwerij. „Se wie, doe't se jonger wie, net assertyf genoeg. Yn it begin fan har relasje mei us heit skreau se wol resinsjes fan Frysk boeken. Us heit seach dy stikjes nei en dan waarden se onder syn namme publisearre. Hy wie bekend, fan di mem hie noch noait len heard. Hy hie it drok, dat jo diene dat as frou, jo stiene der net by stil dat it oars koe, sei us mem dêr letter fan. It hat oant 2010 duorre ear't se in resinsje onder har eigen namme publisearre. Dat wie yn *Ensafj*, oer *In likse-libben* fan Janneke Spoelstra.“

„Wie ek har mem dy't der by Friduwih op oantrune om ris wat nei *Ensafj* op te stoeren. Se die it en se waard fuortendaliks feste kolumnist. It wiene har earste stappen yn de Fryske literatuer.“

In folgjende stap wie de op-rochting fan útjouwerij Grotesk. It is nuver genoeg oan sjongeres Grace Jones te tankjen dat de útjouwerij der kommen is.

Har dochter Hannah studearret boekwetenschap aan de Universiteit van Amsterdam en wurket diereist foar útjouwers. Oant foar koart die se dat foar útjouwerij Xander. It bedriuw soe de autobiografy fan Grace Jones útjaan en hie betocht dat it wol aardich wêze soe om de sjongeres nel De Bikenkorf yn Amsterdam te nügjen om it boek te sinjearjen.

Hannah: „Ze moest uit Parijs komen. Maar ik had kort daarvoor in een blad gelezen dat ze overal en altijd te laat kwam, dat hoort bij haar imago. Ik was bang dat het wel eens uren kon gaan duren en daarom had ik wat mensen in De Bikenkorf bij elkaar gezet in de hoop dat ze zich samen een beetje zouden vermaken.“

Har mem hie se oan in meiwurster fan printerij Wöhrmann kep-pele. De beide frouljou koene it skoan pratende hâlde. Friduwih: „Saskia, sa hiet se, hie teksten skreau foar it ANP en se hie sels útjouwer west ear't se nel Wöhrmann oerstapt wie. Doe't ik har fertelde dat ik skreau en ek graach boeken útjaan woe, sei se: 'Kom bij mij.'“

EXPERIMENTALE BOEKEN

Grotesk rjochtet him op skriuwers en lêzers bûten de *mainstream*. Dat kinne eksperimentele proazaboeken of poëzijhondels wêze, mar ek esées of oare sjenres dy't kommersjeel net oantreklik binne foar de trochaneed útjouwer. Kwaliteit, ek yn de foarmjouwing fan de boeken stiet foarop, en dérom is *slow publishing* ten fan de wichtichste jiers te litten.

„Kultuerferlies, Fryslân fan 1989 oant 2018 en oare esées bestiet út stikken dy't Friduwih Riemersma de ófrûne jieren foar ynternet-tydskrift *Fers2* skreau hat. Nijsjirrigens lei, lykas by alle esseistyk,

Kultuerbehâld ferlammet de keunst



Friduwih Riemersma: „Ik frege my of hoe't skriuwers yn de Fryske literatuer steane.“ FOTO RONALD HOF

trije boeken – de ferhaldebonde *Ho Wu en Misty Mac* fan Aggie van der Meer, de bondel *Dan krije ek de fligels dien* fan Marten Hepkes Bakker (besoarge troch Abe de Vries) en *Kultuerferlies* fan de útjouster sels – en der biune te folle nije ideeën om it by dat iene boek jiers te litten.

Kultuerferlies, Fryslân fan 1989 oant 2018 en oare esées bestiet út stikken dy't Friduwih Riemersma de ófrûne jieren foar ynternet-tydskrift *Fers2* skreau hat. Nijsjirrigens lei, lykas by alle esseistyk,

oan de basis fan de stikken.

„Ik frege my of hoe't skriuwers yn de Fryske literatuer steane, wêrom't se dogge wat se dogge. Ik woe witte hoe't it mel it ferdwinen fan de Sutelaksje, it FLMD en Frysk en Frij siet. Ik prate der wolkis oer mei ledien fan it Skriuwersboun, mar dêr kaam net safolle út. Doe ha'k it sels útsocht.“

Friduwih Riemersma lit har yn *Kultuerferlies* kenne as in krityske geast mei in brede blik. Beskriuwende esées wurde der neffens har wol mear skreau yn it Frysk,

as it om teoretyske esees giet komme har allinne de nammen fan Jabik Veenbaas en Abe de Vries – har freon – yn 't sin. Sels wol se dy kant ek út.

„Ik wol netinkke oer wêrom't de wrâld is sa't dy is. Ik ha my hyge-lyks offrege hoe't it komt dat wy op in bepaalde manier tsjin it Frysk as minderheidstaal oansjogge en hoe unyk dat is.“

On belzenheid ontbrekt it de skriuwster net. De 42 siden noaten op 130 siden tekst sizze wat dat oanhelangt genoeg. Lange, dr-

daagjende sinnen wijslet se of mei skerp ferwurde observaasjes oer hoe't Friezen mei har taal en kultuer omgeane.

FERLAMJEND EFFECT

It titellessie giet oer it gefaar fan al te folle ynstitúsjes dy't har ynsette foar kultuerbehâld. „Wa tinkt der oer nei dat de modellen fan kultuerekstinstsjen en -behâld basearre binne op de oanname dat kultuer útsjerre kin lykas blissoarten, wat únsin is, en dat just kultuerbehâld de kulturele diversiteit ferearmet en in ferlamjend effekt hat op de kunst?“

Friduwih Riemersma: „It is eigen oan ynstitúsjonaalserring. By ynstitúsjes as Tresoar krijt de seleksje syn beslach. Dêr meitsje se ut wat kultuer is en wat net. In part fan de kultuer wurd' oan 'e kant skood, mei fersmelling en ferearming ta gefolch. It is sa't Feitsje Boates Folkertsma oalt skreau: 'By al dy Fryske literatuerhefoardering giet Fryslân nochris kroandea'.“

Ek Kulturele Haadstêd 2018 krijt syn gerak yn *Kultuerferlies*. Friduwih krijt de hadden net op elkoar foar it begryp *mienskip* as liedend beginsel.

De vrijheid fan it yndividu is ien fan de kearnwearden fan de moderne demokrasy. Stimme dogge de minsken as yndividu. Politisy en kulturele pommeranten dy't hieltyd mar wer op it belang fan de mienskip wize, kinne op en doer in gefaar foarmje foar de demokrasy.

Se hat it gefoel dat polityk en kultuer nuver troch elkoar rinne by Kulturele Haadstêd. „Oan de lene kant seit de polityk dat dy him fier fan de ynhalen fan Kulturele Haadstêd hâlder sil, tagelyk moet Kulturele Haadstêd wol foar in kulturele en ekonomieske ympuls soargie. No't de lenheden yn Fryslân troch de gemeentelijke weryndieling hieltyd grutter wurde, nimt it belang fan de alve stêden as gesicht fan Fryslân allinne mar ta. Dy moasten in moal plakje krije, dêr ha se dy fonteinen foar betocht. Mar as de befolking dêr tsjin protestearret, jout de polityk net thuis, want it is kultuer.“

Ek mei it begryp identiteit hat se net folle op. „Groepen dy't har identiteit sykje sjogge nei binnen, net nei buiten en nei de takomst, sadat se gijn kampanje fier foar hat sosjale en politike belangen.“

In folk dat doelbewust dwaande is mei de konstruktie fan in eigen identiteit, slút oaren út. Friduwih neamt in foarbyld dat har seardoch: „Ik hie in kollega dy't dôf is. Hy kaam út Boalsert, mar hy fûn himsels gijn Fries, om't der gijn Fryske gebeartataal bestiet en hy dus net Frysk prate.“



Titel: *Kultuerferlies*. Skriuwer: Friduwih Riemersma. Utjouwer: Grotesk. Prijs: 12,50 euro (186 siden)

Mear ynfomaasje: grotesk.site

“In part fan de kultuer wurdt oan 'e kant skood, mei fersmelling en ferearming ta gefolch